
Tiden

Fryske gedichten

Siebren Woudstra

Foaroanwurd

De titel *Tiden* tsjut dat dizze seis gedichten as tema "de tiid" hawwe.

Wy geane nei Bibelske tiden en freegje ús ôf: hoe tochten Mozes (1500 jier foar Kr.), kening David en syn soan kening Salomo (1000 jier foar Kr.) oer de tiid? Hja belibben de tiid persoanliker as no, tinkt my.

Guon teksten oer dy tiid binnen nommen út de Psalmen, oaren út it boek Preker. De gedichten binne:

it minskelibben	Mozes Psalm 90
Bea	kening David nei syn boetepsalm 51
Yn Gods hân	kening Salomo Preker 3
Gods tiden	kening Salomo Preker 7 fers 10
moarn	kening Salomo Preker 11 fers 5
Gods leafde	Mozes Psalm 90 fers 4

De teksten binne bestudearre fanút it Hebrieusk en de Fryske Bibel útjefte 1977 is brûkt.

Siebren Woudstra

It minskelibben

It libben is as gers dat opkomt yn'e moarn,
it waakst it dijt, mar skynt de gleone sinne
dan is't de jûns fertoarke en ferdoarn.

It libben is in sêft dof lûd, dat weistjert yn it neat,
in hege fûgelflecht, hja komt en fljocht foarby,
in wachtersskoft by de poarte fan de nacht.

Guon krije santich, oaren tachtich jierren,
de trefliksten dêrfan jouwe pine en fertriet.
En úterlik fertoan, it oansjen en de rykdom
binne net bliuwend, fertarre mei de tiid.

It wurk, ientoanich as de roazekrâns
dy't muontsen, sûnder nei te tinken,
al jierren preuvelje yn fêst kadâns:
dy beker hawwe wy mar te drinken.

Och, lear ús, Heare, sa te libjen, dei oan dei
dat yn ús hert de wysheid wenje mei.

Psalm 90

Bea

Wês my genedich God, ferhear myn bea,
wol myn oertrêdings nei Jins leafde oerslochtsje.
Ik wie fol libbensnocht en libbenstier.
Ik wie oerdwealks, seach gjin gefaar.
Ik wie frijman en dat mei grut plezier.
Elk jier strûpte myn Nyl it lichte lân derûnder,
hiel myn natoer woechs slibberich
oerweldigjend mei faasje út'e macht.
Myn libben fierde ik by neare nacht.

No't de woastine by my binnenglûpt,
myn geast fertoarket en fertjirmet,
lykje dy tiden no in flechtich skaad.
Jo hawwe, stjerlik as ik bin,
my net mear as in hânbree jûn om yn te libjen.

Wês my bermhertich, wol net oer my rjochtsje,
dylgj'út myn skuld, ferjou, o Hear, myn kwea.

Psalm 51

Yn Gods hân

Jo litte my bernje op Jo tiid,
en ienris stjer ik op Jo tiid.
Dy grins is my en oaren steld.
Yn al dy tiid ha Jo my droegen.

It libben en it waar hja binne och sa ritich:
bytiden laitsje ik, bytiden moat ik skrieme.
Dan fiel ik my sa trystich en ûnwis
en freegje at it blide ljocht,
genedich troch myn dize brekt,
en my wer wille bringt en nocht.
It goede jouwe Jo fan Boppen.

Jo ha fan jongsôf oan my droegen.
Ik haw op Jo betroud
as bern al op Jo boud.

Preker 3

Gods tiden

Sêft driuwt út'e stilte in dream op my ta:
ik tink oan ús doarpke, it útsjoch sa wiid,
de wrâld fan myn jonkheid, in skoandere tiid.

Hoe moai wie de greide, in pronkseal allyk.
It hea rûkte krûdich, it waar wie bestindich,
ús fee en ús hynders, it wie sa unyk.

De omgong my buorlju wie altyd plezierich.
De tsjerke sneins fol en de dominy from.
Wie it doe better as hjir op it heden?

Ut wysheid moatte wy soks net freegje.
't Is bouwen of brekken, de tiid jout syn reden.

Ferwaaid is it sied fan it Bibelske leauwen,
ferstood en fersille mei alle soort wyn.
Guon tsjerken steane leech, wa sil it bekreauwe?

No skôgje ik de himel, it útsjoch sa wiid,
dêr sjoch ik de Godstêd, it liket in breid.
Hja komt ús temjitte, folslein op'e tiid:
dêr hâld ik my ta, yn har ivichheid.

Preker 7 fers 10

moarn

wat te tinken fan moarn?
moarn wurdt berne út'e skurte fan hjoed
hja komt fansels

iensris woeks ik yn'e skurte fan myn mem
keunstich weefwurk, makke yn it ferhoalene
eltse dei stiet beskreaun yn it boek fan de Heare

op myn bertedei waard it ûnbekende bekend
in lyts minske, skriemerich en helpeleas

út it ferhoalene fan hjoed wurdt moarn berne
in nije dei, dêr't God witten fan hat
In protte minsken op in lytse wrâld
skriemerich en helpeleas
en wat hope as in flinterke

moarn komt fansels

Preker 11 fers 5

*Want tûzen jier is foar Jo as de dei, dy't juster foarby gong.
Psalm 90 fers 4a*

Gods leafde

Ut Syn ryk dêr't de tiid ivich rêst hat
stjoerde God syn soan
nei ús kontreien fan oere en tiid

dêr waard er ferhege
bûten de stêd Jeruzalem
lykas Mozes ienris yn'e woastine
de slange omheech stutsen hat

guon hawwe opsjoend
hja krigen de hieljende krêft
oaren taastten fjirder yn it tjsuster

doe en no